

## 32 'Underweis nei Jo'

Heit,  
wy binne ûnderweis nei Jo.  
Wy tankje Jo foar jo leafde,  
dy't sin en doel jout oan ús pylgertocht.  
Jo seinigje ús mei jo godlike ûnrêst.  
Jo behoedzje ús foar falske tefredenheid.  
Jo litte ús wegen gean troch tsjustere djipten,  
ek as wy ús dêr net sterkernôch foar fiele.  
Jo stypje ús troch minsken dy't ús begeliede,  
dy't ús sterkje as wy swak binne,  
dy't ús treaste en bemoedigje,  
as wy tinke dat wy net fierder kinne.

Wy tankje Jo foar allegearre  
dy't fóár ús nei Jo op wei gienen:  
foar Abraham en Sara,  
foar Mirjam en Mozes,  
foar David en Ester.

Mar wy tankje Jo benammen foar Him  
dy't sa hertstochtlik mei ús op wei is:  
Jezus Kristus.  
Hy is in ljocht op ús paad.  
Hy iepenet ús de eagen  
en sterket ús mei syn jeften,  
dat wy syn fuotprinten folgje kinne.

Yn 'e nacht foardat Er stoar,  
naam Jezus it brea en tanke Jo, Heit.  
Hy joech it syn freonen  
as iten foar ûnderweis  
en Hy sei:  
Nim en yt, jim allegearre.  
Dit is myn lichem, foar jimme jûn.

Dêrnei naam Er in beker mei wyn  
en tanke Jo op 'e nij.  
Hy joech him syn freonen  
as drinken foar ûnderweis  
en Hy sei:

Nim en diel him mei-inoar.  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed  
dat foar jim en foar alle minsken fergetten is,  
dat de skuld ferjûn wurdt.  
Doch dit, dat Ik by jim wêze sil.

Sa tankje wy Jo, Heit,  
foar de wurden en it foarbyld fan Jezus  
dy't ús foargien is.  
Troch syn libben leart Hy ús om yn Jo te leauwen  
en de pylgertocht fan it libben te weagjen.  
Troch syn dea biedt Hy ús útsjoch,  
ek wannear't alles ús ûntfalt.  
Troch syn opstanning witte wy fan jo leafde,  
jo leafde dy't elkenien nij makket.

Heit,  
stjoer ús jo Geast,  
dat wy op ús wei  
ljocht hawwe foar ús eagen,  
krêft foar ús lea  
en freonen op it oars sa ienlike paad.

Jou dat wy Jo sykje,  
Jo moetsje en Jo kenne,  
as wy ús wei geane.  
Dat bidde wy troch Jezus Kristus  
dy't ús wei is om by Jo te kommen.  
**Amen.**

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

## 33 'Freugde om ús rêding'

Kristus is opstien!

**Wierlik opstien.**

De herten heech oant yn 'e himel

**dêr't Kristus regearret yn hearlikheid.**

Lit ús God tankje.

**It is goed om Him te tankjen en te priizgjen.**

Fol freugde oer ús rêding,  
o God fan alles wat bestiet,  
sizze wy Jo tank  
troch Jezus Kristus.

Jo sprieken: 'Lit der ljocht komme'  
en der kaam ljocht.  
Jo ljocht skynt yn ús tsjusternis.  
Om Jo jout de ierde libben yn grut ferskaat.

Jo hawwe ús skepen  
om nei jo Wurd te harkjen,  
om jo wil te dwaan  
en om fol te wurden fan jo leafde.  
It is goed om Jo te tankjen.

Jo hawwe jo Soan stjoerd  
om foar ús de wei te wêzen  
dy't wy gean sille  
en de wierheid dy't wy kenne sille.

*Hjir kin de fariaasje foar Advint, Krysttyd, Epifany of Palmsnein ynfoege wurde.*

Jo hawwe jo Soan stjoerd,  
dat Hy syn libben jaan soe  
om ús te befrijen fan 'e sûnde.  
Syn krús hat ús skuld weinommen.

*Hjir kin de fariaasje foar de fjirtichdageitiid, passytiid, Peaske, Himelfeart of in hillige ynfoege wurde. By de fariaasjes foar de fjirtichdageitiid en passytiid ferfalt de lêste rigel 'Syn krús hat ús skuld weinommen'.*

Jo stjoere jo hillige Geast  
om jo tsjerke te lieden, te sterkjen,  
oan te treastgjen en wer libje te litten.

*Hjir kin de fariaasje foar Pinkster ynfoege wurde.*

Dêrom, mei al jo tsjûgen  
dy't oeral om ús hinne binne,  
net te tellen as de stjerren oan 'e loft,  
priizgje wy Jo om jo skepping.  
Mei blidens en tagedienens tankje wy Jo  
út 'e grûn fan ús hert  
dat Jo ús roppen hawwe:

**Hillige God, hillich en barmhertich,  
hillich en rjochtfearnich,  
alle eare en goedens komme Jo ta.  
Gloarje oan Jo, alderheechste en genedige God.**

Heech te priizgjen binne Jo, hillige God, yn jo Soan,  
dy't de fuotten fan syn learlingen wosk.  
'Ik bin ûnder jim,' sei Hy, 'as ien dy't tsjinnet.'

Yn 'e nacht ear't Er stoar, naam Er brea en tanke Jo,  
Hy briek it, joech it oan syn learlingen en sei:  
Nim, yt, dit is myn lichem  
dat foar jimme jûn wurdt;  
doch dat ta in oantinken oan My.

Dêrnei naam Er de beker en tanke Jo.  
Hy joech him oan syn learlingen en sei:  
Drink hjir út.  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,  
dat fergetten wurdt foar jimme,  
fergetten foar alle gearre,  
ta ferjouwing fan sûnden;  
doch dat ta in oantinken oan My.

Mei dit brea en dizze wyn  
betinke wy dêrom hoe goed Jo foar ús binne.

God fan hjoed en juster,  
 as jo folk betinke wy jo Soan.  
 Wy tankje Jo foar syn krús en ferrizenis,  
 wy skeppe moed út syn himelfeart,  
 wy sjogge út nei syn weromkommen yn hearlikheid.  
 Yn Him jouwe wy ússels oan Jo.

Stjoer jo hillige Geast,  
 dat wy dy't it lichem fan Kristus ûntfange,  
 ek yndied it lichem fan Kristus wurde meie;  
 dat wy dy't út syn beker drinke meie,  
 krêft krije út 'e iene wiere wynstôk.

**Jo roppe ús om Kristus te folgjen –  
 help ús om te fersoenjjen en te ferienjen.  
 En as it lijen oer ús komt,  
 lit dan ús ropping ús hope wêze.**

Want Jo, iennige en himelske God, meitsje alles nij;  
 Jo binne it begjin en de ein, de earste en de lêste.

**Lof en hearlikheid en leafde meie Jo brocht wurde,  
 troch ús en al jo minsken,  
 hjoed en alle dagen,  
 hjir en rûnom. Amen.**

*No bliuwt it efkes stil en dan folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

---

*Understeande fariaasjes kinne op de oanjûne plakken yn 'e prefaasje ynfoege wurde*

#### *Advint*

Hy komt om te fermoedsoenjjen en te ferjaan.  
 Kristus is it nije begjin.

#### *Krysttyd*

Want Kristus is berne yn Bethlehim.  
 God hat Himsels iepenbiere yn dizze minske,  
 bern yn 'e krêbe,  
 flechtling ûnderweis nei Egypte.

### *Epifany*

Syn stjer, fol heimnis en krêft,  
winkt ús om Him te oanbidden:  
Kristus dy't berne is.  
Want Hy is Immanuel, God-mei-ús,  
minske wurden foar alle minsken.  
Wy biede Him ús hulde en ús jeften oan.

### *Fjirtichdagetiid*

Syn krús jout ús krêft en frijheid  
om yn te gean troch de nauwe poarte,  
om de wei te kiezen dy't nei it libben liedt  
en om yn dizze fjirtich dagen  
te dielen yn syn besikingen.

### *Passytiid*

Sjoch de Minske,  
de Rêder fan 'e wrâld,  
dy't Himsels net rêde woe,  
de Earstling fan 'e skepping,  
troch de wrâld ferstjitten.  
Syn krús jout ús fermoedsoening;  
Kristus bringt frede  
tusken God en de wrâld,  
de wrâld en God.

### *Palmsnein*

Hosanna de Soan fan David!  
Hy wjerstiet de macht fan it swurd.  
Dimmen rydt Er op in ezel,  
de Kening dy't in Tsjinstfeint is.

### *Peaske*

Kristus is opstien út 'e deaden.  
Leafde fiert de boppetoan.  
Tiid en romte,  
alles is Him ûnder de fuotten lein.

*Himelfeart*

Kristus is Kening fan it hielal.  
 Hy ropt syn freonen dy't Him tsjinje.  
 Hy is de Hear.

*Pinkster*

Troch de hillige Geast  
 wurde naasjes, folken en talen roppen  
 om de grutte dingen te begroetsjen  
 dy't Jo dien hawwe.  
 Troch de hillige Geast  
 hawwe Jo it goede nijs yn ús lân brocht.

[Dei oan dei roppe Jo ús  
 om jo folk te wêzen,  
 trou en ienriedich.  
 Dei oan dei roppe Jo ús  
 om dy't honger hawwe iten te jaan,  
 dy't siik binne better te meitsjen,  
 dy't yn it near sitte te befrijen  
 en om mei ynlik langst út te sjen nei jo keninkryk.]

*Hilligen*

En op it krús hawwe jo hilligen hope,  
 dêr har libben foar weage.  
 It is harren eare en rom,  
 in ljocht dat yn harren baarnt,  
 it ljocht ek fan ... (*namme*) om wa't wy Jo priizgje.

### 34 'Sa leaf hawwe Jo de wrâld hân'

De HEARE sil by jim wêze.

**De HEARE sil jo bewarje.**

De herten omheech.

**Wy hawwe it hert by de HEARE.**

Bringe wy tank oan de HEARE, ús God.

**Him komt ús tankberens ta.**

Wier, it past ús en bring Jo tank  
altyd en oeral,

God ús Heit,

troch Jezus Kristus, ús Hear.

Yn Him hawwe Jo alle dingen skepen  
en ús foarme nei jo eigen byld.

Troch Him hawwe Jo ús frijkocht  
út 'e slavernij fan sûnde en dea.

Jo hawwe ús fermoedsoene mei Jo  
en ús ta jo folk makke.

Dêrom, mei jo hiele tsjerke,  
mei alle ingels

en de hiele wolk fan tsjûgen,  
ferhearlikje wy jo hillige Namme  
en sjonge Jo gloarje:

**Hillich, hillich, hillich is de HEARE!**

**Himmel en ierde binne fol fan syn hearlikheid.**

**Hosanna yn 'e heechste himel!**

**Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de  
HEARE!**

**Hosanna yn 'e heechste himel!**

Hillige Heit,

sa leaf hawwe Jo de wrâld hân,  
dat Jo, doe't de tiid dêr foar kommen wie,  
jo eigen Soan stjoerd hawwe  
dat Hy ús Rêder wêze soe.

Hy, jo ivich Wurd,

is berne út in fammensbern  
en Hy is ús yn alle dingen allyk wurden,  
útsein de sûnde.

Earmen hat Er it Goede Nijs ferkundige,  
finzenen befrijing



en dy't yn it near sieten freugde.  
 Hy is de hiele wei fan jo leafde gien  
 en dêrom naam Er  
 yn 'e nacht dat er oerlevere waard  
 it brea

en nei't Er tanke hie,  
 breek Er it

en joech it syn learlingen mei de wurden:

Nim en yt, dit is myn lichem foar jim.

Doch dat as in oantinken oan My.

Allyksa, doe't hja iten hienen, naam Er de beker  
 en nei't Er tanke hie

joech Er dy har en sei:

Drink hjir allegearre út, want dit is myn bloed,

it bloed fan it nije ferbûn,

fergetten foar jimme en foar mannichien

ta ferjouwing fan sûnden.

Doch dat alle kearen as jim hjirút drinke

as in oantinken oan My.

### Hoe wûnderlik, HEARE, is it heimnis fan jo leafde!

[*Akklamaasje, bygelyks:*

**Kristus is kommen,**

**Kristus is berne,**

**Kristus hat lit,**

**Kristus is stoarn,**

**Kristus is ferriisd!**

**Kristus libbet!**

**Kristus sil weromkommen!**

**Kristus is hjir!]**

*Liturgyske sangen 114*

Mei dit brea en dizze beker  
 betinke wy de dea fan jo Soan,  
 ferkundigje wy syn opstanning  
 yn 'e ferwachting dat Er werkomt  
 en wy tankje Jo  
 foar it offer dat Hy foar ús brocht hat.  
 Stjoer no jo hillige Geast,  
 dat wy mei dizze ierdske spize en drank  
 diele yn it lichem en bloed fan ús Rêder.

Dat jo Geast, HEARE, ús bestean meitsje mei  
ta in libben offer yn jo tsjinst  
en jo tsjerke ta in plak fan wierheid en frijheid,  
dêr't elkenien de hope weromfine kin.  
Dat jo Geast ús bewarje mei  
yn leauwe en leafde,  
ferbûn yn ien lichem,  
oant de dei  
dat wy, mei allegearre  
dy't ús foargien binne,  
by Jo feriene wurde sille  
yn 'e freugde fan jo Ryk.  
**Amen.**

Yn 'e mienskip mei jo Soan  
meie wy, as jo bern, sizze:  
**Us Heit...**

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

35 'Ivige wysheid'  
(foar algemien gebrûk)

Ivige Wysheid,  
boarne fan ús bestean  
en doel fan al ús langsten,  
wy priizgje Jo en sizze Jo tank.  
Yn Jo binne wy skepen,  
manlik en froulik, neffens jo byld,  
om noed te stean foar jo wrâld  
en om jo antlit te sykjen.  
Doe't wy noch helpleas wienen,  
ferdiel en misfoarme troch de sûnde,  
hawwe Jo jo macht ôflein  
en ús warleas bestean oannommen.  
Jo hawwe foar ús swier oan it krús lit  
om ús diel te jaan oan 'e opstanning.

Dêrom,  
mei de frou dy't Jo it libben joech,  
mei de froulju  
dy't as freonen mei Jo omgongen  
en Jo iten en drinken joegen,  
dy't mei Jo redendielden  
en dy't Jo yn it moed taasten,  
mei de frou dy't Jo salve foar jo dea,  
mei de froulju dy't Jo moete hawwe as de Opstiene Hear,  
mei allegearre dy't Jo troch de ieuwen hinne leafhân  
hawwe,  
priizgje wy Jo en sizze (*sjonge*):

**Hillich, hillich, hillich,  
Jo, kwetsbere God,  
fol binne himel en ierde  
fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e himel.  
Te priizgjen dy't komt yn 'e namme fan God.  
Hosanna yn 'e himel.**

*Liturgyske sangen 100*

Heech te priizgjen is ús broer Jezus,  
dy't fóár syn lijen  
der mei langst nei útseach om mei syn freonen  
it peaskemiel fan befrijing te hâlden;  
dy't yn 'e nacht dat Er ferret waard,  
it brea naam, Jo tanke, it briek en sei:

Dit is myn lichem foar jimme.

Doch dat as in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker en sei:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.

Doch dat, alle kearen as jimme dêrút drinke,  
as in oantinken oan My.

**Kristus dy't stoarn is,  
Kristus dy't ferriisd is,  
Kristus sil komme, op 'e nij.**

*Liturgyske sangen 101*

Dêrom,  
no't wy dit brea ite en út dizze beker drinke,  
ferkundigje wy de dea fan Kristus oant Er komt.  
Yn it brutsen lichem en it fergetten bloed  
betinke wy mei hope yn it hert  
de omkommen en fergetten slachtoffers  
fan tiranny en sûnde  
en sjogge wy út nei it brea fan moarn  
en de wyn fan de tiid dy't komt.

Kom dan,  
libbenjaande Geast fan God,  
jou dat dizze ierdske jeften fruchtdrage  
en meitsje ús ta ien lichem yn Kristus;  
dat wy mei de skepping  
fol ferwachting binne  
om út 'e slavernij fan 'e fergonklikens  
ferlost te wurden  
ta de hearlike frijheid fan Gods bern.  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 102*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

36 'Ivige Wysheid'  
(Krystnacht)

O, ivige Wysheid,  
wy priizgje Jo en sizze Jo tank,  
om't Jo alle macht ôflein hawwe  
en om ús dwaas wurden binne.  
Want yn dizze nacht binne Jo ta ús kommen  
as ien fan ús,  
in bern, ôfhinklik en neaken,  
bedutsen mei it bloed fan in frou,  
berne yn earmoed en ballingskip,  
om oan earmen it goede nijs te ferkundigjen,  
om tebrutsen slachtoffers  
yn frijheid gean te litten.

Dêrom,  
mei de frou dy't Jo it libben joech,  
mei de froulju  
dy't as freonen mei Jo omgongen  
en Jo iten en drinken joegen,  
dy't mei Jo redendielden  
en dy't Jo yn it moed taasten,  
mei de frou dy't Jo salve foar jo dea,  
mei de froulju dy't Jo moete hawwe as de Opstiene Hear,  
mei allegearre dy't Jo  
troch de ieuwen hinne leafhân hawwe,  
priizgje wy Jo en sizze (*sjonge*):

**Hillich, hillich, hillich,  
Jo, kwetsbere God,  
fol binne himel en ierde  
fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e himel.  
Te priizgjen dy't komt yn 'e namme fan God.  
Hosanna yn 'e himel.**

*Liturgyske sangen 100*

Heech te priizgjen is ús broer Jezus,  
minske fan fleis en bloed;  
dy't yn 'e nacht dat Er ferret waard,  
it brea naam, Jo tanke, it briek en sei:

Dit is myn lichem foar jimme.  
Doch dat as in oantinken oan My.  
Allyksa naam Er nei it iten de beker en sei:  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.  
Doch dat, alle kearen as jimme dêrút drinke,  
as in oantinken oan My.  
Want, as wy dan ite fan dit brea  
en drinke út dizze beker,  
ferkundigje wy de dea fan de Hear  
oant Er komt.

**Kristus dy't stoarn is,  
Kristus dy't ferriisd is,  
Kristus sil komme, op 'e nij.**

*Liturgyske sangen 101*

Kom dan, leave Geast fan God,  
slach de earmen om ús hinne.  
Jou dat dizze ierdske jeften fruchtdrage  
en meitsje ús ta ien lichem fan Kristus.  
Sa't it lichem fan Maria tekene waard  
troch it swurd dat troch har siel gong,  
sa meie wy ek ûnderfine  
dat Hy as brea brutsen is  
foar it libben fan 'e wrâld,  
en mei sa de skepping hielmakke wurde  
troch de nije berte yn syn bloed.  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 102*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

37 'Ivige Wysheid'  
(Passytiid)

O, hillige Wysheid,  
ûnbegryplik begien mei ús swakkens,  
wy priizgje Jo en sizze Jo tank,  
om't Jo ôfsjoen hawwe fan al Jo macht  
en diele yn ús striid.  
Jo ha ús warleas bestean oannommen.  
Oan it krús hawwe Jo de earms wiid foar ús iepen dien  
en joegen om ús gâns oanstjit;  
sa mochten Jo sels it grêf hilligje  
ta in plak dêr't hope waakst foar minskebern.

37

Dêrom,  
mei dejingen dy't sûnder rjocht en reden finzen sitte,  
troch freonen ferret of allinne litten,  
waans lichems skeind en pinige wurde,  
mei dejingen dy't iensum en allinne stoarn binne,  
ûnweardich en sûnder treast of hope  
en mei de hiele mienskip fan hilligen,  
dy't yn har wûnen Jo meidroegen hawwe,  
dat hja op 'e nij libje mochten,  
priizgje wy Jo en sizze (*sjonge*):

**Hillich, hillich, hillich,  
Jo, kwetsbere God,  
fol binne himel en ierde  
fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e himel.  
Te priizgjen dy't komt yn 'e namme fan God.  
Hosanna yn 'e himel.**

*Liturgyske sangen 100*

Heech te priizgjen is ús broer Jezus,  
minske fan fleis en bloed;  
dy't de beker fan it lijen net oan Him foarby gean liet;  
dy't yn 'e nacht dat Er ferret waard,  
it brea naam, Jo tanke, it briek en sei:  
Dit is myn lichem foar jimme.  
Doch dat as in oantinken oan My.

Allyksa naam Er de beker en sei:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.  
Doch dat, alle kearen as jimme dêrút drinke,  
as in oantinken oan My.

**Kristus dy't stoarn is,  
Kristus dy't ferriisd is,  
Kristus sil komme, op 'e nij.**

*Liturgyske sangen 101*

Dêrom,  
no't wy dit brea ite  
en út dizze beker drinke,  
ferkundigje wy de dea fan Kristus  
oant Er komt.  
Yn it brutsen lichem en it fergetten bloed  
betinke wy mei hope yn it hert  
de omkommen en fergetten slachtoffers  
fan tiranny en sûnde  
en sjogge wy út nei it brea fan moarn  
en de wyn fan de tiid dy't komt.

Kom dan,  
libbenjaande Geast fan God,  
jou dat dizze ierdske jeften frucht drage  
en meitsje ús ta ien lichem yn Kristus,  
dat wy, dy't doopt binne yn syn dea,  
ús wei geane yn in nij libben;  
dat wat siedde is yn ûneare  
opwekke wurde mei yn hearlikheid  
en wat siedde is yn swakkens  
opwekke wurde mei yn krêft.  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 102*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*



38 'Ivige Wysheid'  
(Peaske)

O, ivige Wysheid,  
wy priizgje Jo en sizze Jo tank,  
om't de dea net sa sterk wie  
dat dy Jo tsjinhâlde koe.  
Ut 'e rêst fan it grêf brieken Jo tefoaren;  
de stien waard foar Jo weirôle  
en wiid iepen stie it grêf fan ús wrâld.  
Want op dizze dei binne Jo yn krêft opwekke  
en as in beminde frjemdling  
ha Jo Josels oan froulju iepenbierre.  
Hja woenen Jo salvje mei swietrokige krûden,  
mar Jo joegen har de ferbjustering fan it nije libben  
en de ferfolling fan har leafste winsk.

38

Dêrom,  
mei de frou dy't Jo it libben joech,  
mei de froulju  
dy't as freonen mei Jo omgongen  
en Jo iten en drinken joegen,  
dy't mei Jo redendielden  
en dy't Jo yn it moed taasten,  
mei de frou dy't Jo salve foar jo dea,  
mei de froulju dy't Jo moete hawwe as de Opstiene Hear,  
mei allegearre dy't Jo troch de ieuwen hinne leafhân ha,  
priizgje wy Jo en sizze (*sjonge*):

**Hillich, hillich, hillich,  
God fan 'e opstanning,  
fol binne himel en ierde fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e himel.  
Te priizgjen dy't komt yn 'e namme fan God.  
Hosanna yn 'e himel.**

*Liturgyske sangen 103*

Heech te priizgjen is ús broer Jezus,  
dy't mei ús de wei fan ús fertriet giet  
en weromkend wurdt yn it brekken fan it brea;  
dy't, yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,  
brea naam, Jo tanke, it briek en sei:

Dit is myn lichem foar jimme.  
Doch dat ta in oantinken oan My.  
Lyksa naam Er nei it iten de beker en sei:  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.  
Doch dat, sa faak as jimme dy drinke,  
ta in oantinken oan My.

**Kristus dy't stoarn is,  
Kristus dy't ferriisd is,  
Kristus sil komme, fannijs.**

*Liturgyske sangen 101*

Kom dan, Geast fan ús God,  
dy't alles yn beweging set,  
lit jo amme oer dizze ierdske jeften gear  
en meitsje ús ta ien lichem yn Kristus.  
Iepenje ús grêven,  
jou ús ljocht yn 'e eagen,  
en neam ús hjir by de namme.  
Reitsje oan wat yn ús begroeven is  
en meitsje it hiel,  
dat wy ús net langer fêstklamje oan ús pine,  
mar de krêften fan 'e opstanning  
losmeitsje meie yn 'e wrâld.  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 102*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

**39 'Ivige Wysheid'**  
(Pinkster)

O, ivige Wysheid,  
wy priizgje Jo en sizze Jo tank,  
want, sa't Jo eartiids Josels iepenbiere ha  
yn stoarm en fjoer en yn jo kostber wurd,  
sa ha Jo jo learlingen  
net sûnder treast efterlitten.  
Jo binne op dizze dei oer harren kommen  
yn tonger, stoarm en flammen.  
Jo ha harren fol makke mei klearens en krêft  
en har dronken makke fan langst  
om jo ûnbegryplik wurd út te sprekken.  
En no ha Jo jo Geast útstreame litten oer alle minsken,  
dat jo soannen en dochters profetearje,  
jong en âld fizioenen krije  
en sels de slaven har oppenearje.

39

Dêrom,  
mei Elisabet dy't jo berte oankundige,  
mei Maria dy't song foar de earmen,  
mei Marta dy't Jo as de Kristus belied,  
mei de froulju dy't jo opstanning ferkundigen  
en mei alle fergetten en namleaze profetessen  
dy't jo ropstim hearden en har folk ynspirearren,  
priizgje wy Jo en sjonge:

**Hillich, hillich, hillich,  
God fan 'e machten en krêften,  
fol binne himel en ierde fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e himel.  
Te priizgjen dy't komt yn 'e namme fan God.  
Hosanna yn 'e himel.**

*Liturgyske sangen 104*

Heech te priizgjen is ús broer Jezus,  
dy't troch doarren komt, dy't wy sletten ha,  
en dy't ús eangst en beevjen  
tadekt mei syn ûneinige frede;  
dy't, yn 'e nacht dat Er ferret waard,  
brea naam, Jo tanke, it briek en sei:

Dit is myn lichem foar jimme.  
Doch dat ta in oantinken oan My.  
Lyksa naam Er nei it iten de beker en sei:  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.  
Doch dat, sa faak as jimme dy drinke,  
ta in oantinken oan My.

**Kristus' dea betinke wy,  
Kristus' opstanning ferkundigje wy;  
Kristus' yntocht ferwachtsje wy.**

*Liturgyske sangen 105*

Kom dan, Geast dy't hielmakket,  
Geast fan tearens, ynsjoch en beweging,  
brek troch ús swijen hinne,  
stek ús langstme oan,  
kom yn ús stilte  
en lit ús wurden baarne yn jo wierheid,  
dat wy elk yn ús eigen taal  
hearre meie fan Gods grutte deden.  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 102*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

## 40 'Wy priizgje Jo, Heit'

Wy priizgje Jo, Heit,  
fanwegen de hillige wynstôk David, jo feint,  
dêr't Jo ús yn diele litte troch Jezus, jo tsjinner.

### Oan Jo de hearlikheid yn alle ieuwen!

Wy priizgje Jo, Heit,  
fanwegen it libben en de kennis,  
dêr't Jo ús yn diele litte troch Jezus, jo tsjinner.

### Oan Jo de hearlikheid yn alle ieuwen!

Sa't dit brea, dat wy brieken,  
ferstruid wie oer de fjilden  
en byinoar brocht waard, en ien wurden is,  
bring sa jo gemeente byinoar yn jo ryk,  
fan 'e úteinen fan 'e ierde.

### Want Jowes is de hearlikheid en de krêft troch Jezus Messias oant yn alle ivichheid!

40

Wy priizgje Jo, Heit, om jo hillige Namme,  
dy't Jo wenje litte yn ús herten;  
om de kennis, it leauwen en de ûnstjerlikens,  
dêr't Jo ús yn diele litte troch Jezus, jo tsjinner.

### Oan Jo de hearlikheid yn alle ieuwen!

Jo, hearsker oer alle dingen,  
alles ha Jo makke om 'e wille fan jo Namme.  
Iten en drinken ha Jo jûn oan 'e minskebern,  
dat hja oplibje en Jo tankje;  
mar ús ha Jo jûn  
iten en drinken neffens de mjitte fan jo Geast,  
ta ivich libben troch Jezus, jo tsjinner.  
Mar aldermeast sizze wy Jo tank,  
want grut binne Jo yn wat Jo dogge.

### Oan Jo de hearlikheid yn alle ieuwen!

Tink, HEARE, oan jo gemeente,  
helje har út 'e macht fan it kweade,  
dat leafde it lêste wurd hat.  
Bring dy't Jo hillige ha  
byinoar fan ierdryks einen  
yn jo Ryk dat Jo taret ha.

**Want Jowes is de hearlikheid en de krêft  
oant yn alle ivichheid!**

Lit komme jo genede,  
dizze wrâld sil foarby gean.

**Hosanna de God fan David!**

Maranata!  
**Amen.**

*Liturgyske sangen 92*

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*

## 41 'Wy priizgje jo Namme'

*By dizze ferzy fan it eucharistysk gebed folstiet men nei de twaspraak en de prefaasje mei it Sanctus; it Benedictus komt hjir nei de ynsettingswurden fan de Hear.*

*Sjoch foar de prefaasje de 15 teksten by Tafelgebed 21.*

O HEARE God, hillige Heit,  
wy priizgje jo Namme  
fanwegen de hiele skepping.

Nim oan, sa bidde wy,  
jeften út ús hannen,  
want it is allegearre fan Jo,  
en stjoer, o ivige Kening,  
jo libbenmeitsjende Geast  
oer de frucht fan 'e ierde,  
dat wy ite en drinke  
it lichem en bloed fan jo Soan,  
yn ivichheid te priizgjen!

O HEARE, kom en help ús!  
**It uterlik bestek fan dizze wrâld is oan it foarbygean.**

O God, meitsje ús libben  
**en hilligje jo Namme.**

Tank oan de God fan David  
**troch Jezus, syn tsjinner,**  
dy't yn deselde nacht dat Er oerlevere is,  
brea naam, God priizge, it briek en sei:  
Dit is myn lichem foar jimme.  
Doch dat ta in oantinken oan My.

Lyksa naam Er nei it iten de beker, tanke en sei:  
Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed.  
Doch dat, sa faak as jimme dy drinke,  
ta in oantinken oan My.

Want sa faak as jimme dit brea ite  
en dizze beker drinke,  
ferkundigje jim de dea fan ús Hear  
oant Er komt.

**Maranata!**

Amen.

**Heech te priizgjen is Hy dy't komt  
yn 'e Namme fan de HEARE.  
Hosanna de Soan fan David!**

*Men hâldt inoar by de hân yn in rûnte om 'e Tafel hinne en bidt  
sa it Gebed fan de Hear (side 169-170).*



## 42 'Ja, heech te priizgjen Hy dy't komt'

De HEARE sil by jim wêze!

**De HEARE sil jo bewarje.**

De herten heech!

**Wy binne mei ús hert by de HEARE.**

Lit ús de HEARE, ús God priizgje!

**It past ús de HEARE te priizgjen!**

### (1) Advint

Ja wier, it is goed en it past ús  
dat wy Jo priizgje,  
Hear, God fan Israel,  
oan wa't Jo jo wurden tabetroud ha,  
jo sizzen en skriuwen, -  
yn Jakob en yn syn neiteam  
ha Jo foar ús bewarre  
in oerbliuwsel fan kennis,  
in skulp fan ynkear,  
jo pearlemoer fan ljocht, -  
ta dat folk ha Jo roppen,  
dat Jo it binne,  
dat Jo kommendeweis binne.  
En Jo ha jo profeet komme litten  
út har dy't 'ûnfruchtber' neamd waard;  
hy waard in preker en doopte  
mei wetter fan it oardiel.  
Dêrom, mei allegearre dy't nei him harke ha,  
mei de boetfeardigen,  
mei allegearre dy't jo komst ferwachtsje,  
mei de hiele mienskip fan 'e hilligen,  
sjonge wy mei hert en siel:

### (2) Krysttyd

Ja wier, it is goed en it past ús  
dat wy Jo priizgje, HEARE, ús God,  
en dat wy ús ferbliidzje oer jo majesteit,  
dy't troch gjin nacht behindere wurdt.  
Jo dy't de ierde leafhawwe  
en dy't it kweade haatsje, -  
Jo roppe de hilligen ta grutter hillichheid,  
en dy't har oan geweld besûndigje

litte Jo fertiizje yn har eigen kwea.  
De tiden binne yn jo hân!  
En Jo hâlde yn oantinken  
al it ûnskuldige bloed  
dat fergetten is op ierde,  
fan it bloed fan Abel de rjochtfearldige  
oant it bloed fan Sacharja, de profeet.  
Dêrom,  
mei allegearre dy't yn har bloed bekrêftige ha  
dat Jo har HEARE binne,  
sjonge wy Jo út alle macht ta:

(3) *Epifany*

Ja wier, it is goed en it past ús,  
it is ús heil en frede,  
dat wy Jo priizgje, HEARE ús God,  
want Jo ha ús losskuord  
út 'e macht fan it tsjuster  
en oerbrocht yn it ryk fan de Soan fan jo leafde,  
evenbyld fan jo majesteit,  
wjerlûd fan jo godlik wurd  
yn it stal fan in tsjinstfeint,  
út 'e neiteam fan Jakob, Keningssoan,  
fredestifter, erfgenamt fan 'e ierde, –  
Hy hat de betsjoening fan 'e machten trochbrutsen,  
de hearsksucht oan bannen lein  
en it dwepen fan 'e mannichten it swijen oplein;  
want Hy hat jo wurd dien,  
klearrichheid en ljocht brocht.  
En dêrom,  
mei allegearre dy't Him folgje,  
mei de apostels en profeten,  
mei de ferljochte geasten en de ferloste sielen,  
mei de aartsfaders en mei de bern,  
mei de searaf- en de kearûb-ingels,  
sjonge wy it heechste liet:

(4) *Fjirtichdagetiid*

Ja wier, it is goed en it past ús  
dat wy de HEARE ús God priizgje  
en dat wy syn Namme earje,  
want Hy hat alle macht

yn 'e himel en op ierde  
 om in ferlosser te wêzen fan 'e minsken;  
 Hy lit net ta  
 dat bline machten ús oermânsk binne,  
 dat frjemdfolk ús derûnder hâldt;  
 Hy wol net, dat wy stjerre yn ús betsjoening,  
 mar dat wy libje, –  
 dêrom is Er syn folk foargien  
 yn wyn en fjoer,  
 yn wolk en lûd,  
 yn wûnder en ûnderwizing,  
 om foar har plak klear te meitsjen yn it lân,  
 en dêrom sizze wy tsjin Him  
 mei al syn tsjinstfeinten en learlingen  
 en sjonge fan herten:

(5) *Passysnein*

Ja wier, it is goed en it past ús,  
 it is jo wil en ús libben,  
 dat wy Jo priizgje, HEARE ús God,  
 want Jo ha Jezus, jo Soan,  
 nei dizze ierde gean litten:  
 Hy waard kniesd en brutsen  
 troch de hearskjende machten,  
 Hy hat syn siel, syn bloed útgetten  
 as wetter oer de ierde;  
 yn Him waard sichtber  
 wat wy misdienen, –  
 mar Hy hat út wat Er lije moast,  
 leard om Him ûnder God del te jaan.  
 Dêrom priizgje wy Jo  
 mei alle tsjûgen fan syn dea,  
 mei alle profeten en apostels,  
 mei de Romeinske ofsier,  
 mei syn mem en de learling dy't Er leafhie:  
 wy bûge mei de sinne en de moanne en de stjerren  
 foar dizze Rjochtfeardige  
 en wy roppe sûnder ein:

(6) *Peasketiid*) – I

Ja wier, it is goed en it past ús  
 dat wy Jo priizgje, HEARE,

Skepper fan himel en ierde,  
 Stifter fan it libben,  
 Aartsfjân fan it kwea.  
 Jo ha jo Soan roppen  
 út 'e djipte fan 'e dea,  
 de ûngrûn ha Jo tasletten,  
 de gaos oan 'e kant set,  
 Jo sprekke jo wurd, Jo jouwe libben.  
 Dat wolle wy belide  
 mei de blide boaden,  
 de ingel yn Joazefs tún,  
 de froulju yn 'e iere moarn,  
 de apostels yn 'e fuotprinten fan jo profeten,  
 en dêrom sjonge wy  
 mei de fûgels yn 'e beammen,  
 mei de beammen yn 'e wyn,  
 wy sjonge sûnder ein of kear:

(7) *Peasketiid – II*

Ja wier, it is goed en it past ús,  
 it komt Jo ta en it is ús behâld,  
 dat wy Jo dy't ús it libben jouwe, priizgje.  
 Ut 'e himel wei ha Jo jo Wurd stjoerd,  
 Jezus Messias,  
 dy't ús foargien is yn 'e dea  
 en doe nei Jo weromgien is.  
 Jo hawwe jo Tsjinner mei hearlikheid kroane,  
 en Him alle rjocht fan sprekken jûn,  
 om yn te stean foar alle skepsels.  
 Jo ha Him alles yn hannen jûn,  
 dat der neat ferlern gean sil,  
 en dêrom sizze wy  
 mei allegearre dy't yn syn Namme leauwe,  
 mei syn learlingen en mei syn bloedtsjûgen,  
 mei de fjouwer wêzens en de fjouwerentweintich  
 âldsten,  
 en sjonge sûnder ein of kear:

(8) *Simmertiid*

Ja wier, it is goed en it past ús,  
 it komt Jo ta en it is ús behâld,  
 dat wy Jo priizgje, dei oan dei,

o God en Heit, Jo dy't alles bestjoere,  
 dy't yn it ferburgene  
 alle dingen nei jo hân sette,  
 dy't mei jo wurd as in swurd  
 in kleau makke hawwe tusken goed en kwea –  
 dy't it tjirgjen fan 'e folken  
 betwinge mei jo hillige grime,  
 dy't nei jo goedtinken jo lytse keppel sammelje  
 en har as in wachter op 'e muorre sette,  
 om barmhertigens te dwaan oan alle libbene skepsels.  
 Dêrom sette wy ús lûd út en sjonge de lofsang fan jo  
 gloarje  
 mei alle soannen fan Israel,  
 mei de dochters fan Sion,  
 en roppe troch jo Geast:

(9) *Foleiningssneinen*

Ja wier, it is goed en it past ús,  
 dat wy Jo priizgje, HEARE ús God,  
 want dêrta ha Jo ús makke  
 en dêrta allinne ha Jo  
 de dei fan 'e wraak opkeard, –  
 Jo oerstimme it tjirgjen fan 'e folken  
 mei de stimmen fan 'e hilligen,  
 mei har suchtsjen en profetearjen;  
 Jo wjersteane en keare de sinleaze plannen  
 troch de takomst fan jo Soan;  
 en dêrom ha wy ús hert yn 'e himel  
 mei alle oprjochten dy't nei Jo útsjogge,  
 mei alle ferhûddûken dy't ta Jo roppe,  
 mei alle dimmenen dy't Jo tsjinje,  
 mei alle ingels dy't foar Jo steane,  
 en wy sizze tsjin Jo:

**Hillich, hillich, hillich,**  
 HEARE God fan alle machten.  
**Fol binne himel en ierde fan jo hearlikheid.**  
**Hosanna yn 'e heechste himel.**  
**Heech te priizgjen is Hy dy't komt yn 'e namme fan de**  
 HEARE.  
**Hosanna yn 'e heechste himel.**

Ja, heech te priizgjen is Hy dy't komt,  
sêftmoedich ûnder de minsken,  
mei it geheim fan 'e ierde op 'e tonge,  
de besniene fan hert,  
dy't de wil fan God ta sines makket,  
tagedien en dimmen,  
de Minskesoan, oan wa't jûn wurdt  
hearskippij en gloarje en it keninkryk:  
dat alle folken Him earje sille.

Heech te priizgjen is Hy, sa't Er kommen is,  
as in laam by Wa't de wolven toevje,  
dy't doopt waard om't God it woe  
om sa yn alles syn wil te dwaan,  
dy't nei de siken en teknoeiden gien is  
en Him de ferdreaunen neinommen hat,  
dy't iten fermannichfâldige hat foar tûzenen  
en wurden spriek fan geast en libben;

dy't, yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,  
it brea yn 'e hannen naam, it segene en briek en sei:

Nim en yt, dit is myn lichem foar jimme.

Doch dat ta in oantinken oan My.

Lyksa spriek Er nei it iten in tankgebed ,  
en naam de beker fan 'e tanksizzing en sei:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed,  
ta ferjouwing fan sûnden;

drink dêr allegearre út, ta in oantinken oan My.

Heech te priizgjen is Hy,  
sa't Er komme sil op 'e wolken,  
as alles Him ûnderwurpen is;  
dan sil Er de eagen fan alle triennen droegje,  
en de dea sil net mear wêze;  
dan sil in elk God hulde dwaan:  
'Hosanna yn 'e heechste himel!'

## **Maranata!**

*Hjirnei folget it Gebed fan de Hear (side 169-170)*